

Sjueryrapport

Rink van der Velde-priis 2014

19 febrewaris 2014

# Sjueryrapport Rink van der Velde-priis 2014



De Rink van der Veldepriis is yn 2003 ynsteld troch it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente Smellingerlân, yn oparbeidzjen mei útjouwerij Friese Pers Boekerij te Ljouwert.

De twajierlikse priis is ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza of oarspronklik en nij proaza yn ien fan de streektalen dy't yn Fryslân brûkt wurde. It wurk moat as selsstannige boekútjefte ferskynd wêze yn de twa kalinderjierren foarôfgeand oan de priisútrikking – yn dit gefal 2012 en 2013. It is in literêre priis foar de prozasjenres dy't Rink van der Velde beoefene hat, lykas de roman, de novelle en it koarte ferhaal, mar dus gjin poëzij, jongereinboeken of toaniel.

De winners sûnt it ynstellen fan de priis en oant en mei 2012 binne:

2004 – *De Ljedder* fan Koos Tiemersma

2006 – *It Ferset* fan Harmen Wind

2008 – *Sitebuorren, myn eigen paradys* fan Auck Peanstra

2010 – *De Hearen fan Fryslân* fan Arjen Terpstra

2012 – *It dak fan de wrâld* fan Ferdinand de Jong

## De sjuery 2012-2013

De ûnôfhinklike sjuery fan de Rink van der Velde-priis wurdt ynsteld troch Tresoar en bestiet dit kear út Tessa Blaauw, Tryntsje van der Steege (foarsitter) en Forina van der Zee. Trije froulju dy't har yn har deistich wurk op ien of oare manier dwaande hâlde mei boeken, lêzen, talen en teksten, mar dy't kwa leeftyd, berte- en wenplak, en oplieding en eftergrûn in moaie sprieding en ôfwikseling sjen litte.

**Tessa Blaauw** (Grou, 1948) groeide op yn Grou en wurke earst in skoft yn de soarch, mar dêr lei net har hert. Dêrnei gie se oan it wurk yn it bedriuw fan har heit, Jan Blaauw, dy't yn Menaam in gruthannel hie yn boeken en tydskriften. Sa kaam se yn it boekefak telâne. Neidat de gruthannel ferkocht wie, setten heit en dochter út ein mei in boekhannel yn Frjentsjer. De winkel bestiet maart dit jier 40 jier. Tessa folge yn Grins de 'Vakopleiding voor de boekhandel'. Yn 2007 sleat se har as franchise-nimmer oan by Bruna. Ek no't de winkel in Brunawinkel is, is der in rom ferskaat oan Fryske boeken. Dat hat der ûnder oare foar soarge dat de winkel in pear kear op de nominaasje stien hat foar bêste Brunawinkel fan Nederlân. Yn 2010 die de winkel mei oan de aksje 'Praat mar Frysk'.

**Tryntsje van der Steege** (Drachten, 1984) groeide op yn Donkerbroek, en in lyts bytsje op 'e Gordyk. Nei de middelbere skoalle yn Drachten studearre se Ingelske Taal en Kultuer oan de Universiteit Utrecht en dêrnei Literatuer- en Kultuerwittenskip yn Grins, dêr't se yn

2011 ôfstudearre. Nei har stúdzjes wurke se as beliedsmeiwurker kultuer foar ferskillende gemeenten. Tagelyk gie se oan de slach as oersetter en tekstskriuwer mei har eigen tekstburo Try Tekstwerk.

Sûnt 2011 is se redakteur fan Frysk literêr tydskrift *Ensafh* en skriuwt se meast besprekken, essays en oersettingen. Har belangstelling giet út nei moderne literatuer út binnen- en bûtenlân. Dêrneist ferdjippet se har ek yn âlde(re) literatuer mar dan yn in nij, modern jaske, lykas oersettingen en film- of stripbewurkingen. Sûnt dit jier is Tryntsje ek resinsint foar it Frysk Deiblêd.

**Forina van der Zee** (Sint Jabik, 1971) studearre ‘Voorlichting & Communicatie’ oan NHL Hogeschool en wurket sûnt 1997 as kommunikaasje-adviseur, de lêste acht jier by de gemeente Westerveld yn Súdwest-Drinte, dêrfoar ûnder oare by de provinsje Fryslân, NoordNed/Arriva en COA Oostergo.

Forina is Biltsktalich fan hûs út. It Frysk pikte se op fan (doe noch) Radio Fryslân en op har wurk by de provinsje. Dat lêste makke ek dat se kursussen Frysk en Biltsk skriuwen folge. Se hie altyd al in protte wille fan lêzen, en mei de groeiende belangstelling foar taal naam ek de niget oan literatuer ta. Se hat it sjuerywurk mei in protte nocht dien. ‘It analysearjen, beärgumintearjen en it goed ûnder wurden bringen fan de analyze fûn ik hearlik! Fan alle boeken haw ik ferslaggen en analyzes makke en ik snap no eins net, dat ik eartiids op it ateneum it mier hie oan it skriuwen fan boekferslaggen...’

### **Wurkwize en lêslist**

De sjuery hat fan 1 jannewaris 2012 oant 31 desimber 2013 35 boeken lêzen fan 32 skriuwers, acht ferskillende útjouwers en twa yn eigen behear. De boeken binne net troch de sjuery selektearre, mar troch de útjouwers of de skriuwers sels ynstjoerd.

De lêslist besloech al mei al hast 7000 siden; dat is in gemiddelde fan 200 siden it boek, it tinste boek hie 45 siden, it dikste 463.

It korpus fan 35 boeken bestiet út 22 romans, 12 ferhalebondels en ien bondel mei twa novellen. Twa fan de 35 binne yn it Stellingwerfsk skreaun, de rest yn it Frysk. Njoggen boeken spylje har foar it grutste part bûten Fryslân ôf, seis boeken spylje har (foar in part) yn it ferline ôf, fiif boeken kinne karakterisearre wurde as misdieroman, en it grutste part fan de ferhalebondels befettet autobiografyske ferhalen. In folsleine list mei alle boeken is oan de ein fan dit rapport taheakke, opsteld op folchoarder fan binnenkomst by de sjuery.

De sjuery is yn totaal seis kear byinoar west:

- op 8 maaie 2012 in ‘ynstallaasjegearkomste’ dêr’t de sjueryleden inoar foar de earste kear troffen;
- tuskentiidske gearkomsten om lêse-ûnderfiningen en tuskenstannen mei inoar te dielen op 15 novimber 2012, 26 augustus 2013, en 25 novimber 2013;
- op 30 desimber 2013 is de list mei fiif nominearre boeken fêststeld;
- op 30 jannewaris 2014 is it winnende boek keazen.

## Opfallend

Neist it al neamde grutte ferskaat oan sjenres, binne der yn in korpus fan 35 titels fansels ek grutte ferskillen as it om styl, tema's, personaazjes en totale kwaliteit giet. It moaie is dat der mei in relatyf lytse boekeproduksje yn Fryslân (fergelike mei bygelyks it tal Nederlânske titels yn deselde perioade), dochts sa'n soad fariaasje is, en winliken foar elk wat nei 't sin. Der binne lykwols guon opfallende saken dy't hjir wat ekstra omtinken fertsjinje.

De sjuery wit dat guon eardere sjuerys as kritysk punt oan skriuwers en útjouwers meijûn hat, dat der in soad taal- en typflaters yn Fryske boeken stean. Ek dizze sjuery hat gauris argewaasje hân fan it tal skriuw-, tik-, taal- en spaasjeflaters yn de ynstjoerde boeken. Taalflaters binne frjemd, steurend, ûnnedich en spitigernôch rûnom te finen; yn kranten, op reklamebuorden, op televyzje, yn blêden, dêr't it noch wolris in grappich effekt ha kin, mar yn boeken is it benammen steurend omdat it de lêzer út it ferhaal hellet en behinderet by it lêzen. In inkele kear wie it tal flaters reden genôch om in boek foartiids oan kant te lizzen. In flaterfrij boek wie en is útsûndering – dat minsken, skriuwers, útjouwers, asjebleaf, stopje wat tiid en jild yn it neisjen (litten) fan de tekst!

Wat benammen it sjuerylid mei Biltske woartels opfoel wie, dat der gjin Biltsk boek meidien hat oan dizze edysje. Gjin Biltsk boek mei ien of mear as ien ferhaal, yn twa jier! Is der net ien Bilkert dy't skriuwe kin? Is der gjin útjouwer dy't soks útjaan wol of kin, of is de merk te lyts? De sjuery wit net wat de reden of de oarsaak is, en kin eins allinnich de winsk útsprekke dat de folgjende sjuery ál in breder ferskaat oan streektalen presintearre krijt.

Wannear sil de Ipad yn Fryske boeken yntrodusearre wurde? Wannear pakke de personaazjes de 'snoadfoan' om wat op te sykjen? Wannear lêze de personaazjes wat op Twitter dat harren fernuveret? Wannear hawwe sy it nijs op nu.nl lêzen en net mear yn de Ljouwerter Krante op skutte?

Yn guon boeken wurdt wolris wat opsocht op ynternet en de mobile telefoan is dochs aardich ynboargere. Muzyk op in Ipod en filmkes ferstjoere fia sms hawwe wy ek noch wolris lêzen, mar fierder kin it gros fan de ferhalen ek plakhân hawwe yn de jierren '70, '80 of '90, wêryn't de mobile kompjûter noch net sa oanwêzich wie yn it deistich libben. It is nijsgjirrich om de kommende tiid de saneamde finger oan de pols te hâlden om te fernimmen wannear't de technyk itselde oandiel yn boeken krijt as yn it deistich libben fan in soad minsken.

In populêre trend dêr't de Fryske literatuer wol by oanslút binne de misdieromans. De 'literêre thrillers' stean yn de Nederlânske bestsellerlisten hieltyd boppe-oan, de Fryske ferzjes komme kwa aksje, spanning, plot en sympatike speurders goed mei.

## Beoardielingskritearia

De ynstjoerde boeken binnen troch de sjuery beoardield oan de hân fan de folgjende kritearia:

- **orizjinaliteit**

Hat it boek in ferrassend nij tema of ûnderwerp? Of in 'âld' gegeven mar mei in folslein nije ynfalshoeke? Giet it ferhaal fierder as it libben fan alledei, fierder as de bekende wrâld en tinzen, lit it de lêzer oars nei de wrâld sjen?

- **djipgong**

Is de psychology fan de personaazjes en de (histoaryske, kulturele) eftergrûn fan it ferhaal goed útwurke? Moat de lêzer goed de oandacht derby hâlde? Wurde de harsens aktivearre? Wurdt de lêzer útdage om sels dingen út te sykjen, foar te stellen, oaninoar te ferbinen?

- **greep**

Hat it boek, it ferhaal, de personaazjes de lêzer yn de besnijing? Wol de lêzer graach troch nei de ein fan it boek? Wurdt de lêzer meinaam, mar net hieltyd oan it hantsje beetholden?

- **emoasje**

Docht it boek wat mei de lêzer? Wurdt de lêzer bliid, ferrietlik, gelokkich? Of fielt de lêzer faaks argewaasje? En hoe realistysk en werkenber binne de emoasjes en aktiviteiten fan de personaazjes?

- **taalgebrûk**

Is der soarch oan de taal bestege? Is it moai of orizjineel skreaun? Binne wurdkar en bylden echt en oansprekkend? Sitte der net te folle flaters yn?

Earder stie yn it reglemint foar de Rink van der Velde-priis dat de priis ornearre is foar boeken 'yn de geast fan Rink van der Velde, literêr en gaadlik foar in grut publyk'. Dat kritearium is – betiizjend genôch – wol yn guon publisiteits- en media-uteringen nei bûten brocht dit jier, mar wurdt sa net mear omskreaun by de doelstelling fan de priis yn it reglemint, en hat dêrom net bepalend west foar de kar fan de sjuery. Koartsein giet it gewoan om it bêste en moaiste nije boek fan de ôfrûne twa jier – dat út soarte in protte lêzers fertsjinnet.

## Nominaasjes

De sjuery sjocht as de twa wichtichste doelen fan it nominearjen fan boeken:

- it uterjen fan wurdearring foar it wurk;
- de mooglikheid om mear boeken as allinnich de winner yn it skynljocht te setten, en dêrmei de promoasje fan it Fryske boek te stypjen.

It uterjen fan wurdearring foar de nominearre wurken sil hjirnei plakhawwe; op wat der dien wurdt oan de promoasje fan dy boeken hat de sjuery fansels gjin inkele ynfloed. Nei de ûndúdlikens en argewaasje rûnom de nominaasjes by de foarige Rink van der Velde-priis hat de sjuery lykwols net it idee dat der dit jier mear omtinken jûn is oan de

nominearre boeken – net troch útjouwers dy't har boeken en auteurs ekstra yn de etalaazje sette, net troch boekhannels dy't de nominaasjes as ekstra ferkeapstimulâns brûke, en hast net troch (literêre) media dy't de nominearre boeken neist inoar lizze en de kar fan de sjuery kritysk hifkje. Hulde wol foar de gemeentlike krante *Breeduit* dy't de ôfrûne wiken fraachpetearen mei de nominearre skriuwers publisearre.

De Rink van der Velde-priis is op dit stuit de ienige priis foar it bêste nije Fryske proazaboek en fertsjinnet as sadanich mear oandacht en publisiteit – en dat jildt noch mear foar de boeken dy't yn dat ferbân neamd wurde! De sjuery is grutsk op de nominearre boeken, en stiet der foar yn dat se stik foar stik mear as de muoite wurdich binne, en de lêzer in soad te bieden hawwe.

Yn alfabetyske folchoarder fan efernamme fan de auteur binne dit de nominearre boeken mei derby it oardiel fan de sjuery:

Leo Popma – *As gong dêr in oar* (Utjouwerij Frysk en Frij, 2013)

In yntrigearjend, yntelligint en ambisjeus boek oer twa minsken mei hiel ferskillende eftergrûnen en libbensskiednissen, dy't lang net alles útprate en plan-út tsjin inoar sizze. De lêzer komt wat mear te witten, mar der bliuwt in soad tusken de rigels hingjen. De fraach is of ferskate ferhaallinen ferflechte wurde ta in kreaze frissel, of wurdt de frissel krekt útinoar helle ta meardere losse stringen?

Fan it begjin ôf oan lykje ferhalen en minsken byinoar te kommen... mar dan driuwe sy dochs wer byinoar wei. It boek hat in soad ferskillende lagen, in sterk ritme, en yngewikkelde psychology. De emoasjes sitte absolút net yn de hoeke fan blidens en gelok. Mankelikens, trystens, ûnwissichheid, ûnwennigens – dy gefoelens gripe de lêzer by de strôt.

Wa't fan taal hâldt, hat ek in goeienien oan it dit boek: it nuvere Nederlânsk fan Max en syn mem, it Nederlânsk fan Nyk, it 'Babels' fan Mare, de Dútske wurden dy't Inge troch har taal smyt. Der wurdt in soad boarte en oantsjutte mei de taal en dat is mear as aardich. De kompleksiteit fan it ferhaal is de krêft fan dit boek, mar tagelyk ek in swakte: de kop moat der goed bybliuwe, en sels dan komme net alle ferwizingen en teoryen en tema's oer taal, keunst, identiteit en orizjine goed by inoar.

Freddy Scheltema – *De keet fan Annewâld* (Elikser Uitgeverij, 2012)

De jongeren fan *De keet fan Annewâld* kenne wy allegear. Faaks net dé Halbe, Rinze, Freek, Jeroen, Pieter, Nynke, Femke, Amber en Melissa, mar al ien dy't derop liket. It binne unike en realistyske persoanlikheden, dy't Scheltema mei karakteristike details dúdlik delset, en dêr't wy ús mei identifisearje kinne. Wannear't der wat bysûnders bart yn it libben fan ien fan harren of yn dizze freoneklup, dan fiele wy dat allegear mei. Elk fan de freonen hat syn of har eigen problemen dy't dúdlik útsprutsen wurde of krekt wat mear tusken de rigels

troch lêzen wurde moatte. De emoasjes dy't dêrby hearre binne oprjocht en komme ek by de lêzer binnen - in trien derby is net ûnwierskynlik. Alles yn de *De keet fan Annewâld* kloppet mei de tiid: de taal en leefwrâld fan de jongerein én de 'gadgets' dy't hjoed de dei gewoan binne yn it deistich libben. Sa lêze wy oer muzyk fan de Ipod en it stjoeren fan filmkes en smskes. Hoewol't no sms ek alwer út is en koarte berjochten ferstjoerd wurde mei WhatsApp. Grif dat de skriuwer dat yn in folgjend boek ferwurket, want hy sit boppe-op dy nije ûntjouwings. Hoewol't it boek in jongereinboek liket te wêzen is it ek seker oansprekkend foar folwoeksenen. It is echt, suver en emoasjoneel heftich, sa't elkenien de puberteit ûnderfûn hat; it ferhaal lit gjin lêzer ûnoandien.

Sipke de Schiffart – *Wat it is om bang te wêzen* (Friese Pers Boekerij, 2012)

It antlit fersjit fan fjoerread oant sniewyt, en alle mooglike kleuren dêrtusken, by it lêzen fan de koarte ferhalen yn *Wat it is om bang te wêzen*. En dat is geweldich knap, ek dit boek lit gjin lêzer ûnoandien, mar wol om folslein oare redenen. It lit ús bygelyks goed neitinke oer ússels: eins mei ik dit net spannend, leuk of hylarysk fine... mar ik fyn it al! Kin dat wol? En hoe kin dat?

Sipke de Schiffart slagget der op masterlike wize yn om bizarre personaazjes mei frjemde fassinaasjes ta libben te roppen, mar sá, dat je as lêzer hielendal opnaam wurde yn har belevingswrâld. Se binne sa sûnderling, en har hâlden en dragen wykt op sa'n ûnoangename mar hast oansteklike manier ôf fan wat 'normaal' is – se wurde der suver sympatyk fan. It is in ferrassende bondel, it is oars as oars en fernijend; en dat benammen yn de Fryske literatuer. It is grouwélich, ûnfoarsisber, ferbjusterjend, it is hearlik en it is humor!

Steven Sterk – *De midden en de beide eien* (Utjouwerij Bornmeer, 2012)

Meinimmende ferhalen fan in kosmopolityske plattelanner yn in moaie, eigenwize, praterige, meänderjende styl. It libbensferhaal fan in fjildman, in keapman, in skatgraver, mar net gronologysk ferteld, en net útkôge; net alles wurdt ferteld, der bliuwt in soad te rieden oer. Steven Sterk skommelet hinne en wer fan it romantyske en sentimintele nei it saaklike en pragmatyske, fan it fjild en de natuer nei boeken en keunst, en fan it doarp en de eigen hurd nei wrâldreizen en grutte steden. It sprektaalige fertellen – soms wat eigenwiis, meast gewoan hiel earlik – nimt de lêzer mei en makket de autobiografyske ferhalen en persoanlike fisy fan Sterk hiel oannimlik. Mei it kommentaar op it eigen skriuwen en fertellen wurdt de lêzer soms wat út de 'flow' fan it ferhaal helle, mar it past wol by de selsrefleksje en it skôgjen fan it bestean dat dizze ferhalen ek binne. Persoanlik en yntym, mar hiel realistysk, ynfielber en oprjocht.

Ale S. van Zandbergen – *Littenser Merke* (Friese Pers Boekerij, 2013)

In prachtich meislepend boek, dat twa folslein ferskillende wrâlden en tiden ta libben bringt en dy op in tige orizjinele en ûnferwachte wize mei inoar ferbynt. De lêzer wol nei

dat momint ta! Nei dy side wêrop dúdlik wurdt wat de twa ferhalen noch mear mei-inoar te krijen hawwe, as allinnich it plak Littens. Yn de wize wêrop minsken, plak en skiednis oaninoar ferbûn wurde, wurdt de lêzer net teloarsteld. It komt presiid út, mar men kin der dochs net rjocht de finger op lizze hoe – en dêrmei bliuwt it boek jin noch lang by.

De personaazjes binne apart en eigensinnich, mar tagelyk hiel werkenber en goed nei te kommen omdat je se as lêzer ticht op 'e hûd komme en eins by har yn de holle krûpe, troch de skeane stikjes dy't tinzen en dreamen fan Liuwe en Laurman yn direkte rede werjouwe. En troch it folsleine ferhaal hinne spylje bysûndere froulju in wichtige rol: it domineeske, har ûnsichtbere kokkin Afke, de mem fan Liuwe, Sabetheli, oant de ûnbekende suster fan de merkebruorren Dalstra.

Knap is net allinnich de ferbining tusken de twa ferhaallinen, mar ek it ferskil en de ôfwikseling yn styl dy't de twa histoaryske tiden karakterisearret; de wat stadiger en dreger te lêzen skriuwstyl en it âldfrinziger en swierder taalgebrûk wannear't de lêzer by de dominee yn 1831 is, tsjinoer it soepeler en flotter te lêzen ferhaal fan Liuwe dat him yn de 60-er en 70-er jierren fan de foarige ieu ôfspilet. Van Zandbergen lit syn karakters wrakselje mei it feroarjen fan de tiid, en mei harren gefoelens en oertsjûgings, yn in sprankeljende taal en mei in skerp each foar tekenjende details en grutte gebearten allyk.

## De winner

Unanym hat de sjuery út dizze seleksje fan fiif titels *Littenser Merke* fan Ale S. van Zandbergen as winner keazen fan de Rink van der Velde-priis 2014. Dit is it boek dat ús fuort fan de earste side ôf yn de besnijing hie, dat ús meislepte en ûnderdompele yn de wrâld en tinzen fan Liuwe en Laurman, dêr't wy fuort wer yn begjinne woene te lêzen nei't wy it út hiene, en dat by de twadde kear lêzen winliken nóch moaier wie. De prachtige taal, de orizjinele opset fan it ferhaal, de psychologyske foarmjouwing fan de personaazjes, it is allegear mei sa'n soarch en oandacht en each foar detail útwurke dat je gjin wurd oerslaan kinne én wolle.

De kwaliteit fan *Littenser Merke* is lykwichtiger as yn bygelyks de ferhalebondels fan De Schiffart en Sterk, dêr't in soad hiel goeie ferhalen yn stean, mar ek in pear wat mindere. Kwa tematyk en ûnderwerpen sit der likefolle yn as yn *As gong dêr in oar*, mei as ferskil dat it ferbân dêrtusken en de details deryn better útwurke binne. Ek hat dit boek de measte ferskillende en dochs leauweardige personaazjes, dy't kwa djipgong en eftergrûn wat mear te bieden hawwe as de freonegroep yn *De keet fan Annawâld*, en de karakters yn de oare neamde boeken.

## En fierder

Ta beslút binne der noch in pear dingen dêr't wy as sjuery fan de Rink van der Velde-priis 2014 gjin ynfloed op ha, mar dy't we hjir wol graach neame wolle.

Wy witte net wat de gefolgen binne foar dizze priis no't de Friese Pers Boekerij in nije eigener krigen hat. It soe lykwols hiel spitich wêze as dat betsjut dat dit de lêste priisútrikking west hat. Hooplik sette de gemeente Smellingerlân en de Friese Pers Boekerij



har gearwurking yn dizzen troch. Der is gjin oare priis yn Fryslân foar it bêste nije Fryske proaza-boek as de Rink van der Velde-priis, en ás der dan wat feroarje moat, soene wy útstelle wolle om der in jierlikse priis fan te meitsjen en it prizejild wat omheech te dwaan! Mei in Gysbert-Japicxpriis dy't hieltyd mear in oevrepriis wurdt, en de nije Douwe Tamminga-priis foar debuten, hat de Rink van der Velde-priis in wichtige rol as wurdearring, stipe en befoardering fan nij en modern proaza yn it Frysk, lykas in AKO- of in Libris-priis dy hat foar it Nederlânske proaza. Soks falt en stiet fansels ek mei omtinken en promoasje troch útjouwers, boekhannels en media, dy't de boeken by de lêzers bringe moatte. In winner as *Littenser Merke* is in geweldich boek en fertsjinnet wier in soad lêzers!



### **De sjuery,**

Tessa Blaauw

Tryntsje van der Steege

Forina van der Zee

19 febrewaris 2014

Boeken foar de Rink van der Velde-priis 2014:

- 1) Jager – van der Zee, Tineke de – **De Bosklu** (KFFB, 03.12)
- 2) Veenstra, Johan – **Mit et waeter veur de dokter**; verhaalen (Stichting Stellingwarver Schrieversronte, 04.12)
- 3) Meer, Aggie van der – **In moaie dei yn 'e hjerst | Wa rêdt Cesilia Tan**; twa novellen (Elikser/Frysk en Frij, 05.12)
- 4) Pietersen, Lieuwe – **De Untfiering** (KFFB, 05.12)
- 5) Boersma, Rein – **Likegoed Sneu** (PENN.nl, 06.12)
- 6) Vries, Sietse de – **Bak** (Friese Pers Boekerij, 08.12)
- 7) Popma, Popke – **Smelle spoaren** (Afûk, 08.12)
- 8) Boelens, Corry – **Wa fertelt de takomst?** (KFFB, 09.12)
- 9) Boersma, Piter – **De krêftproef** (Friese Pers Boekerij, 09.12)
- 10) Bilker, Jetske – **It libben fan in oar** (Bornmeer, 09.12)
- 11) Dykstra, Lida – **De nije seemearmin** (Bornmeer, 09.12)
- 12) Groot, Gjalt de – **It lêste aai** (Bornmeer, 09.12)
- 13) Soepboer, Albertina – **De seemearmin** (Bornmeer, 09.12)
- 14) Sterk, Steven – **De midden en de beide einen** (Bornmeer, 09.12)
- 15) Scheltema, Freddy – **De keet fan Annawâld** (Elikser, 10.12)
- 16) Talsma, Hilda – **Flammen** (Elikser, 10.12)
- 17) Schokker, Jan – **Lykspul** (Elikser, 12.12)
- 18) Schiffart, Sipke de – **Wat it is om bang te wêzen** (ferhalen, FPB, 01.13)
- 19) Holtrop, Benny – **Gezichten achter matglas** (Stellingwarver Schrieversronte Oosterwoolde, (1996) 01.13)
- 20) Tjeerdsma, Rommert – **Om Doutzen** (KFFB, 02.13)
- 21) Palstra, Sjoerd – **Hoedingels en oare dreamen** (eigen behear, 03.13)
- 22) Rozendal, Anders M. – **De smaak fan alsem** (KFFB, 05.13)
- 23) Popma, Leo – **As gong der in oar** (Frysk & Frij, 05.13)
- 24) Zandbergen, Ale S. van – **Littenser merke** (Friese Pers Boekerij, 07.13)
- 25) Verf, Willem – **Bûtenman & Bûtenfrou** (Friese Pers Boekerij, 07.13)
- 26) Krol, Jaap – **It Fûgelgebed** (Bornmeer, 08.13)
- 27) Claus, Marga – **Kompleten** (Afûk, 09.13)
- 28) Jager-van der Zee, Tineke de – **Kiloknaller** (KFFB, 09.13)
- 29) Hoekstra, Eric – **Lofts! Rjochts! Lofts! Rjochts! In Fries yn Afghanistan** (Elikser, 10.13)
- 30) Talsma, Hilda – **It geloksbern** (Elikser, 10.13)
- 31) Bylsma, Meindert – **Rys mei rezinen, Grôt mei krôde** (Elikser, 10.13)
- 32) Groot, Gjalt de – **No moastst hearre!** (Bornmeer, 11.13)
- 33) Köster, Manuela – **Tantalus II Learjild** (Elikser, 12.13)
- 34) Rusticus, Klaas – **De brimstige ingel** (Hispel, 12.13)
- 35) Speerstra, Bonne – **Oer Twa Brêgen** (eigen behear, 12.13)